

Sirkus

2

Ha ha ha, wat in nuver fytiske,
ja ja ja, 't is ek wol in lytske.
Wat in mop, de aap derop,
dy sit op 'e kop:
mei de hannen op 'e trapers
en in foet op it stjoer.
Dat liket my in toer,
dat liket my in toer,
dat liket my in poepetoer!

Musical notation for the first part of the song 'Sirkus'. The lyrics are:

Ha ha ha, by ús op it plein - tsje,
ja ja ja, stiet in sir - kus-wein - tsje.
Moatst ris sjen, sa'n prot - te bern
wol - le 'tsir - kus sjen. Yn 'e
grut - te rû - ne tin - te wur - de keun - sten dien. Dat li - ket
my in toer, dat li - ket my in toer, dat li - ket
my in poe - pe - toer!

The music consists of four staves of musical notes with corresponding chords indicated above them: Dm, Gm, Dm, Gm, A7/E, A7, Dm, Gm, Dm, A7, Dm, A7, Dm, A7, Dm.

3

Ha ha ha, sjoch de oaljefanten,
ja ja ja, binne muzikanten.
Bom bom bom,
rom bom bom bom,
sjoch se ha in trom.
Mei it stokje yn 'e slurven
slaan se op 'e trom.
Dat liket my in toer,
dat liket my in toer,
dat liket my in poepetoer!

tekst en muzyk: Geartsje Douma

